


2000 - 2002



*programma hùs oan hùs
2001*

Kluchtich blijspul yn Easterein,

Op freed 11 febrewaris en sneon 12 febrewaris hâldt it toanielselskip
"Fuort Mar Los" út Easterein harren jierlikse útfiering.

It stik dat dit jier spile wurdt, is in kluchtich blijspul mei as namme:

"Feenstra mei in lange F".

Skreaun troch Pyt de Vries.

De freedtejûn is ornearre foar de skoalbern, dy jûn begjint om 19.00 oere.

Sneon 12 febrewaris om 20.00 oere is de premiêre foar it grutte publyk.

Beide jûnen sille hâlden wurde yn 'e grutte seal fan Kafee Bergsma te Easterein.

doarpskrante 2000

Bêste toanielfreonen,

Der is wer grut nijs fan de toanielferiering.

We binne alwer drok dwaande mei in nij stik.

In kluchtich blijspul, mei as namme: "**Feenstra mei in lange F**".

De spilers yn dat toanielstik binne:

Guus Zijlstra	Corry Dijkstra
Cees Witteveen	Berend Santema
Fokje v/d Veen	Geertje Harkema
Germ Faber	& Akke Veldman

Under lieding fan spullieder Jan Olthoff wurdt der wer hiel wat wurk fersetten.

En Minke Kuiper soarget derfoar dat it allegearre soepel ferrint mei de teksten.

Op **freed 11 febrewaris** spylje wij foar de skoalbern en de grutte premiêre is op **sneon 12 febrewaris** yn 'e grutte seal fan kafee Bergsma te Easterein.

Skriuw it mar fêst op 'e kalinder, sadat jimme it net ferjitte kinne.

Oant sjen,
it bestjoer: Yme, Cees, Corry, Fokje & Akke.

doarpskrante Jannewaris '00

It toanielselskip "Fuort Mar Los" fan Easterein,
Wol graach foar jim spylje it stik;
"Treast mei sûker en molke".
In blijspul yn trije bedriuwen ,
fan Froukje Annema.

Wy spylje it stik op **sneon 24 febrewaris 2001**,
yn seal Bergsma te Easterein.

Ynljochtings by Guus Zijlstra, tillefoan; (0515) 33 18 01

Treast mei sûker en molke.

It kofjerrestaurant is it plak dêr't de bûtenwrâld en de
sikehûswrâld byinoar komme.

Dit is ek it plak fan hanneling yn dit toanielstik fan
Froukje Annema.

Pasjinten, taksysjauffeurs, besikers en net te ferjitten
barhâldster Anneke moetsje inoarren hjir.

It binne net allinne de pasjinten dy't swierrichheden ha.
Ek de minsken bûten it sikehûs hawwe sa harren soargen.
Yn dit toanielstik wurdt prachtich sketst hoe 't minsken
mei harren swierrichheden omgeanne, mar foaral ek hoe't
oaren dêrop reagearje.

Hiel werkenber binne it begrutsjen hawwen mei Meinema,
it oanhâldend oandacht lûken fan Sjoke en it altyd fleurich
wêze wollen fan Sytske.

En Anneke probearet yn 't soargjen foar oaren har eigen
swierrichheden te ferkringen.

Swiere kost al de problemen?

De minsken yn it restaurant soargje der wol foar dat der
nettsjinsteande alle swierrichheden in soad te laitsjen
falt...

Agenda Evenementen in de Zuidwesthoek

wijd & zijd
agenda

Woensdag 21 februari

SNEEK - Stichting 't Pand, N.Noorderhorne 12, Touch for Health door Mies Bartholomeus 9.00-13.00 uur, Lezing over voeding 2 Antroposofie door Ruud Hendriks.

IJLST - Ny Ylostins, 14.00 uur, ouderenmiddag met Hofkesjonge.

BLAUWHUIS - De Wolff, 14.00 uur, jeugdtheater met: Had je gedroomd.

OUDEMIRDUM - Mar en Klif, 20.00 uur, dialezing Evert de Boer uit Luttelgeest.

Donderdag 22 februari

GAAST - Open huis verkoop producten uit Israël, 10-21 uur, Sielansreed 1.

BOLSWARD - Ons gebouw, 20.00 uur, film: Himalaya/

SNEEK - Stichting 't Pand, N.Noorderhorne 12, Kleuren beleven door Gerdien Kleijn 19.30-21.30 uur. Het Bolwerk, expodium: Facetone en Dawn to Dusk.Zuiderkerk, 9.30 uur, Women's Aglow Sneek, spreekster Marlene Bos uit Breda. (kinderopvang aanwezig).

Vrijdag 23 februari

GAAST - Open huis verkoop producten uit Israël, 10-21

uur, Sielansreed 1.

YSBRECHTUM - Dorpshuis It Formidden, 20.00 uur, toanielselskip 't Is sa't Falt spilet De Sate fan David Malcolm Storey.

SNEEK - Zalencentrum van der Wal, 21.00 uur, folkoptreden Lucky Bags.

SCHARNEGOUTUM - Elim, 20.00 uur, Koar Auke Roukes mei Ernst Langhout en Wilco Berga.

SNEEK - Close Up, 23.00 uur, The Emce Exhibition (rap).

EASTEREIN - Kafee Bergsma, 19.00 uur, toanielselskip 'Fuort mar Los' spilet 'Trest mei sûker en molke'.

Zaterdag 24 februari

SNEEK - Wijkgebouw De Drompel, Gravinneweg, 20.00 uur, bingo-avond. Stichting 't Pand, N.Noorderhorne 12, Workshop 2 Maak contact met je Gids door Lieneke en Jan Allaart 10.00-17.00 uur. Het Bolwerk, Friese popdag 2001 met muziekscholenacts, workshops, Twarres & Reboelje. Martinushuis, 10-12 uur, Nederlands Postzegelcentrum.

YSBRECHTUM - Dorpshuis It Formidden, 20.00 uur, toanielselskip 't Is sa't Falt spilet De Sate fan David Malcolm Sto-

rey.

EXMORRA - 't Honk, 21.30 uur, Fabulous Grit and the Two Bit Rangers.

BALK - Swaentje, 22.00 uur, optreden popgroep Leuk.

EASTEREIN - Kafee Bergsma, 20.00 uur, toanielselskip Fuot mar Los spilet Trest mei sûker en molke.


KOUDUM - De Klink, 19.30 uur, federatieconcert.

Zondag 25 februari

BOLSWARD - Gereformeerde kerk, 14.00 uur, speciale zangdienst. Gereformeerde kerk Vrijgemaakt, 9.30 uur, Friese dienst. Ons Gebouw, 15.00 uur, toneelstuk De Contrabas NIJEMIRDUM - Rispinge, 15.00 uur, literair café met Jean Pierre Rawie (dichter) en muzikaal trio Nectar.

Maandag 26 februari

SNEEK - Stichting 't Pand, N.Noorderhorne 12, Cursus Grimeren door Arend de Blauw 19.30-22.00 uur.



Stierky een CD-Rom
met foto's van
Baterclafavond.
Er heeft vast wel iemand
van het genieschap een
PC om dit te bekijken
Groeten Wim
P.S. Het was geweldij spel!
en een hele leuke avond!

Sneontejûn 19 maaie giet it oan...



"Fuort Mar Los" sil in jûn op stap...

*Efkes ûnder de brûs, lekker rûke, NET yn 't foar ite,
en dan om 19.00 oere sammelje by it Kafee.
(jimme moatte sels mar beslisse wa 't ride sil)*

*As eltsenien oanwêzich is, geane wy der op út.
Jimme sille dan wol fernimme wat der barre sil...*

*Graach foar 17 maaie trochjaan oan Akke (till. 332261)
asto wol as net meigiest, dit yn ferbân mei it
reservearjen.*

*Oant 19 maaie,
It Bestjoer*

n.v. De beurs moet al mei om it it drinken foar eiaen rekken is

Net te beteljen sa'n leadjitter



programma hūs oan hūs
2002

2002

It Toanielselskip "Fuort Mar Los" fan Easterein wol graach foar jim spylje it stik: "Net te beteljen sa'n leadjitter".

In blijspul yn trije bedriuwen, fan Hans van Wijngaarden, Fryske oersetting fan Froukje Kingma en Herman Sytema.

Freed 22 febrewaris 2002 (foar de bern, entree 1.20 euro) om 19.00 oere.

Sneon 23 febrewaris 2002 foar elk dy 't fan toaniel hâldt, om 20.00 oere (entree 6.00 euro).

Beide jûnen sille hâlden wurde yn 'e grutte seal fan Kafee Bergsma te Easterein.

Rolferdieling:

Wibe Willems Westra.....Berend Santema

Direkteur fan in puddingpoerfabryk

Lysbeth syn frou.....Rigt Bergsma

Petra, harren dochter.....Petra Zijlstra

Marchje, de tsjinstfaam.....Fokje v.d. Veen

Omke Durk, út Austraalje.....Cees Witteveen

Marij fan Oppedyk, syn suster.....Corry Dijkstra

Nanne fan Oppedyk, har broer.....Guus Zijlstra

Truus, de frou fan de leadjitter.....Greet Bouma

Daan, leadjitter.....????????????

Spullieder.....Jan Olthof

Ynstekster.....Geertje Harkema

Grime.....Yke Tjalsma

Lûd en ljocht.....Oege Reitsma

Koarte ynhâld:

It houlik fan Wibe Willems Westra en syn frou Lysbeth driget op 'e klippen te gean. Om it te rêden is it faaks it bêste om in skoftke by elkoar wei te gean. Dêrom nimt Wibe Willems it beslút om nei omke Durk, dy't net troud is, yn Austraalje te gean. Dit ta grut fertriet fan harren dochter Petra. Wibe Willems is krekt ta de doar út of omke Durk stiet op 'e stoepe. Hy komt net allinne op besite foar de famylje. Hy hat goed buorke yn Austraalje, en no wol der by 't libben it jild oan syn famylje ferdiele, oan neef Wibe Willems en eigen broer en suster Nanne en Marij. Op ien betinkst, dyjinge dy 't it measte fan syn libben wit sil ek de measte sinten krije. Lysbeth is der mei oan. Se kin dochts slim oan omke Durk fertelle dat harren houlik net is sa 't it wêze moat, en dat har man fuort gongen is. Miskien kin de leadjitter, dy 't de wasktafel ûntstopje sil, de útkomst biede. Hy liket wol wat op har man. Soe hy net in skoftke foar har man spylje kinne? In pear uterlike oanpassings, dan hoecht de rest fan 'e famylje der neat fan te fernimmen.

De leadjitter docht it net fergees, hy lit him fiks betelje.

Slagget it him om it erfskip yn hannen te krijen, as dwersbongelje Truus, de frou fan 'e leadjitter, en Marchje de tsjinstfaam de plannen?

Dûnsjen nei ôfrin mei muzyk fan "Duo Penottie"

Freed 22 febrewaris 2002
spilet it toanielselskip "Fuort Mar Los" it stik:

Net te beteljen sa'n leadjitter



yn: Kafee Bergsma
om: 19.00 oere
Tagong: 1.20 euro